LEEUWARDER COURANT
13 juli 2012, pag. 4

DWERS

pieterjan
de groot

In drip wetter...

Dat like moai nijs ferline wike. Minister Marja van Bijsterveldt hat lang om let foldien oan de twa jier âlde oanbefelling fan de kommisje-Hoekstra om it ûnderwiisfoech Frysk fan it ryk nei de provinsje oer te heveljen.
Mar rop net te gau jûchhei: de demisjonêre minister wol har buro skjin efterlitte. De Keamers moatte der harres noch fan sizze en dy binne no op reses. Nei 12 septimber komt der in oare Twadde Keamer en grif ek in oare minister. Fierder is it wachtsjen noch altyd op de Fryske taalwet, dy't de eardere minister fan ynlânske saken Donner hjir sa grutsk oankundige hat. Wy libje om sa te sizzen tusken hingjen en wjirgjen. As de stúdzjerjochting Frysk oan de Ryksuniversiteit Grins mar net de dupe wurdt fan dit twivelige tiidrek. (Tusken heakjes: hawwe jim al tekene? Surf nei www.redfrysk.nl en doch jim plicht. Al mear as 3100 minsken binne jimme foargien.)
Yn Lyts Frisia, it orgaan fan de Jongfryske Mienskip, stiet in kop om goed yn 'e earen te knoopjen: 'It Frysk is yn De Haach net yn goede hannen en sil dat ek nea wêze.' Wês alsa wach op de lytse letterkes, want as it foech der al komt, sil dat ûnder betingsten wêze. Tink mar net dat it ryk de autonomy út hannen jout.

Beskamsum staaltsje fan ûnferskilligens

En sa ál, ha wy dan de striid wûn? Nee – want de echte striid moat hjír wûn wurde. It moat by de learaars, fan heech oant leech, en de âlders tusken de earen sitte, en dy mentale omslach is noch lang net makke, nettsjinsteande de positive berjochten oer it linkenoan oanwinnen fan it tal trijetalige skoallen. Goed fjirtich binne dat der op 't heden: in drip wetter op in gleone stien.
Liket dy drip net ús lot? De foarhoede wol skoare, de efterhoede lit de ballen like hurd troch. Nim it provinsjaal bestjoer sels. Dat jout bestjoerlik steatebreed al desennia it goede foarbyld troch it Frysk oan te moedigjen en stiet oan op folgjend taalbelied, mar wat dogge de amtners? Dy dogge har eigen sin, al hoe't har de mûtse stiet. Sa krige de aksjegroep fan âldsteateleden dy't oant no ta fergees iverje foar in 'BetterAs' yn reaksje op har yn geef Frysk stelde beswierskrift in Hollânsktalich antwurd. Is dat sleauwens of maklikens (der is sa gau gjin Frysktalige amtner te finen yn dat fergees te grutte statusgebou) of – jo mei neat útslute - deagewoane pesterij? Yn alle gefallen is it in beskamsum staaltsje fan ûnferskilligens foar it Frysk oer.

> pieterjan.de.groot@planet.nl